



po@dium

Bennie Huisman

- Thúsreise 4 -

Oan de trouwe lêzer

Desimber 2018

Yn augustus fan dit jier kaam my lêste *Po@dium* út. It wie de tredde ôflevering fan de 'simmerfeuilleton' *Thúsreise*. Oan it ein fan it ferhaal stie: wurdt fuortset... Dêrnei bleau it stil. De simmer wie geduldich. Septimber kaam, oktober kaam, de dagen koarten, mar it bleau geregeld simmersk. Sels yn novimber koe de jas noch wolris út by in bosk-kuier ûnder de kealer wurdende beammen.

No, wylst ik dit skriuw, leit bûten de earste snie. Lykwols wachtet *Thúsreise* noch altyd op it taseine ferfolch, al kin it dreech noch in 'simmerfeuilleton' neamd wurde. It skriuwen oan myn roman *Sanfirdo* hie en hat my sa yn de besnijing, dat *Po@dium* der by yn skeat. Lykwols: ik wol it ferhaal fan myn simmerske *Thúsreis* ôfskriuwe. En net inkeld út in soarte fan plichtsbesef.

Ik hie foar de reis, dêr't *Thúsreise* oer fertelt, in reisbeurs krigen fan it Letterenfonds. Bedoeld om de kosten te dekken fan it reizgjen en de oernachtings. By it motivearjen fan de oanfraach hie ik twa doelen neamd: As earste: it dwaan fan 'lokaasje-ûndersyk' yn Berlyn, dêr't in diel fan de roman spilet. En dêrneist de weromreis - nei hûs, nei 'thús' - as 'eigen ûnderfining' fan wat de haadpersoanen yn de roman dwaande hâldt en in rol spilet yn harren 'Werdegang'.

Foar it diel dat yn Berlyn spilet brûk ik fansels ek ûnderfinings fan meardere eigen reizen en syktochten yn Berlyn. Eins binne alle aspekten fan *Sanfirdo* - de personaazjes, wat se belibje, de ynhâldlike kant dêrfan, de lokaasjes, mar ek it proses fan it skriuwen sels en de skiednis fan it ûntstean, op mear as ien wize ferbûn mei it begryp 'reis'. It ûntstean yn koart bestek:

Goed tweintich jier lyn skreau ik in novelle. Yn in tiid, wêryn ik my yn beskate sin 'thúsleas' fiede. Net dat ik gjin ûnderdak hie, ik hie der sels twa. Mar dochs wie ik 'ûnthiend'. Ek yn myn wurk as sjonger, skriuwer en teätermakker 'wie it âlde foarbygien' en socht ik om in eigen plak yn de feroarjende publike romte.

De novelle 'Sânfurd' wie in koarte leafdesskiednis. 'Lieuwe' sylt nei Sânfurd en moetet dêr Elize, in jonge frou mei in moaie stim. Se reitsje fereale en in wike letter sylt hy wer fuort. In ferhaal mei in iepen ein. It skriuwen der fan brocht wat ljocht en lucht yn de grize ûnthiendheid fan al den dei. Dat koarte ferhaal wurdt no in roman. Dy't net spilet yn in wike tiid, mar oer in perioade fan mear as fiifentritich jier.

Lieuwe en Elize, doe begjin tweintich, belibben een simmer-ydille. Dêryn wie amper plak foar harren skiednis, harren dreamen, eangsten, remmings en fertizings, alles wat in minske meinimme kin út it opgroeien. 'Sânfurd' fertsjintwurdige doe foar my ek in soarte fan 'Arcadia', dat de ferbyldings fan myn eigen bernetiid droech: it wetterlân, muzyk en de hope op in ferealens, dy't alles 'goed' meitsje soe.

Dêrmei waard it even in flecht út it 'ûnthiend' fielen. Mar net in syktocht nei it wêrom en de betsjutting der fan. Of nei antwurden op de fraach wat in 'thús' is en wat it betsjut, ek yn in wrâld mei safolle minsken op 'e flecht en op drift. Alde mienskippen wurde achterlitten, frijwillich of twongen, in nij 'thús' wurdt socht. Of inkeld in skûlplak.

Doe't ik ein maaie út Havelberg wei it westen ynfytste foar myn 'thúsreis', kaam de fraach op of ik dizze reis ek net brûke kinne soe foar de roman. Dêr wurdt no oan wurke.



ôfskie

Tiisdei 22 maaie, Havelberg.

Juster haw ik Berlyn achter my litten. In ôfskie, yn meardere opsichten. Ik sil der grif nochris weromkomme. Mar net mear op dat wûnderlike plak, dat de lêste jierren myn 'thús' wie: it atelier fan Heinz, yn Kreuzberg.

Heinz hie it appartemint ferkocht oan Uli, dy't earder in keamer by him hierde.

Mei de betingst, dat er syn eigen wen- en atelierromte noch tsien jier brûke koe. Dat wurdt him net. Der is mei weromwurkjende krêft in konflikt ûntstien oer de ferkeap en it hierbeding. Uli hat it foar de rjochter brocht. Doe't ik dêr in lytse wike lyn oankaam koe ik der noch mei in kaai fan Heinz yn komme. Mar no't ik dit 'universum' ferlit, nochris omsjoch en alles yn my opnim, haw ik it gefoel, dat it de lêste kear is. Dat docht al gau bliken. As ik wer thús bin krij ik in mail fan Heinz. Uli hat it slot fan 'e foardoar feroare en lit Heinz der net mear yn.

Dy lit it earst mar sa en wachtet de rjochtsaak ôf.

Hjoed is myn lêste dei hjir. Fan moarn ôf fyts ik nei hûs. Mar elk 'thús' is tydlik en hat syn eigen ferhalen en karakter. Dat jildt ek foar Havelberg, dêr't ik no foar it tredde jier op rige kom. Heinz hat der yntusken in hûs kocht. Hy hat it my by oankomst al sjen litten hat en is no drok dwaande is om der syn nije thús fan te meitsjen.

Earst hierde er de romte op 'e begeane grûn, dy't yn de foargeande jierren tsjinne as galery. Doe kaam de mooglikheid om it hiele gebou te keapjen. Foar in symboalysk bedrach is er no eigner fan fjouwer ferdjippings, sechtsjin keamers, fjouwer keukens en likefolle badkeamers. It is in erfenis út 'e DDR-tiid, doe't eardere grutte hearehuzen opsplitst waarden om der safolle mooglik minsken yn ûnder bringe te kinnen. Nei de *Wende* rekke it leech. Op 'e begeane grûn kamen winkels. Om wer te ferdwinen mei it 'leechrinnen' fan de âlde Hanzestêd.

Mar Heinz is fleurich begûn mei it opknappen en hat de ferwyldere tún al behoffene.

Sels útfanhûzje ik twa nachten op it al fertroude *Künstlerhof*, dêr't dit jier gjin keunstners binne. De natoer rukt al wer op. Ik sykje in komfortabele stoel om yn it skaad wat oan myn boek te wurkjen. Tuskentoch jild helje en wat ynkeapen dwaan:, farske broadsjes by de bakker, in nije stift, postsegels. Om dochs myn cd-tsje besoargje te litten by it *Alexanderhaus* yn Groß-Glienicke, wat op 'e fyts mislearre wie.

Middeis wat boadskipje en iten meitsje. Heinz skood oan, mei wat oerbleaune Matjes Herring.

Letter komt Britta ek noch, út Berlyn wei.



In moaie, stille jûn. Der wurdt in fjoer makke yn in âlde wasktrommel. Ik helje myn akkordeon. En sjong. Lietsjes út de jierren '20 en '30, mar ek Schubert. *Die Forelle*. Fansels sûnder de firtuoaze piano-partij, dêr't Schubert it springen fan de fisk mei 'illustrearret'. De tekst fan Die Forelle is subjektyf: de dichter fertelt yn de earste persoan oer wat him foar syn eagen ôfspilet, mar ek hoe likk en fertrietlik hy dêr fan wurdt.

Dêrnei sjong ik *Der Fischer*, it fantasyfolle 'antwurd' fan Goethe op de nederlaach fan de forel. Schubert jout de tekst fan Goethe in simpele meldij en begelieding. .

Der Fischer

Goethe/Schubert

Das Wasser rauscht', das Wasser schwoll,
Ein Fischer saß daran,
Sah nach dem Angel ruhevoll,
Kühl bis ans Herz hinan.
Und wie er sitzt und wie er lauscht,
Teilt sich die Flut empor:
Aus dem bewegten Wasser rauscht
Ein feuchtes Weib hervor.

Sie sang zu ihm, sie sprach zu ihm:
»Was lockst du meine Brut
Mit Menschenwitz und Menschenlist
Hinauf in Todesglut?
Ach wüßtest du, wie's Fischlein ist
So wohlig auf dem Grund,
Du stiegst herunter, wie du bist,
Und würdest erst gesund.

Labt sich die liebe Sonne nicht,
Der Mond sich nicht im Meer?
Kehrt wellenatmend ihr Gesicht
Nicht doppelt schöner her?
Lockt dich der tiefe Himmel nicht,
Das feuchtverklärte Blau?
Lockt dich dein eigen Angesicht
Nicht her in ew'gen Tau?«

Das Wasser rauscht', das Wasser schwoll,
Netz' ihm den nackten Fuß;
Sein Herz wuchs ihm so sehnsuchtsvoll
Wie bei der Liebsten Gruß.
Sie sprach zu ihm, sie sang zu ihm;
Da war's um ihn geschehn;
Halb zog sie ihn, halb sank er hin
Und ward nicht mehr gesehn.

Klik [hjr](#) foar mear ynformaasje én muzyk

Die Forelle

Schubert/Schubart.

In einem Bächlein helle, da schoss in froher eil,
Die launische Forelle, vorüber wie ein Pfeil.
Ich stand an dem Gestade und sah in süßter Ruh
Des muntern Fischleins Bade im klaren Bächlein zu.

Ein Fischer mit dem Rute wohl an dem Ufer stand,
Und sah's mit kaltem Blute,
wie sich das Fischlein wand.
So lang dem Wasser helle, so dacht ich, nicht gebricht,
So fängt er die Forelle mit seiner Angel nicht.

Doch endlich ward dem Diebe die Zeit zu lang.
Er macht das Bächlein tückisch trübe,
Und eh ich es gedacht, so zuckte seine Rute,
Das Fischlein, das Fischlein zappelt dran.
Und ich mit regem Blute, sa die Betrogne an.

Klik [hjr](#) foar mear ynformaasje én muzyk

Goethe is hjir de ferteller, de waarnimmer, dy't ferslach docht fan wat der bart.

It is de selde begjinsitewaasje, in fisker oan it streamende wetter. Dat ynienen iepen splyt. Der ferskynt '*ein feuchtes Weib*'. Se begjint op de fisker yn te praten, wurket op syn moed en op syn idelens. Yn it lêste kûplet nimt se de fisker mei de djipte yn: '*Halb zog sie Ihn, halb sank er hin, und ward nicht mehr gesehn.*'

Heinz ken de beide lieten goed en we prate opein oer oerienkomsten en ferskillen fan de beide lieten. Hy skodhollet as ik de skitterjende taal fan de ferlieding yn it tredde kûplet nochris deklamearje.

Foar my fielt dit as in soarte fan 'thus': it diele kinnen fan sokke literêre en muzikale ynteresses en ferwûndering, dy't ik yn myn 'Heimat' eins noait diele kin.

Schubert en Goethe. Songen by akkordeon.

De oare moarn begjin ik oan de weromreis. Britta fyttst noch in eintsje mei, oant har 'Gartenhaus' dat we besjogge. By de hikke nim ik ôfskie. Se referearret oan it 'thús'-tema fan myn reis. Sels wit se net rjocht wêr't se thús is. Se pendelt tusken wol trije, fjouwer plakken, dêr 't se koarter of langer ferbliuwt, wennet, wurket, útfanhûzet.

Op net ien fan dy plakken fielt se rêst.

WANZER

Ik ha twa nachten reservearre by Georg Teloy, de útbater fan it anagronistyske hotel Alandblick, dêr't ik op de hinnereis, twa jier lyn, ek wie. It is in prachtige fytstocht oer de *Elbe-Radweg*.

Underweis licht opûnthâld fanwege de bestriding fan de ikeprosesjerûp. Yn Wahrenberg treflik sop iten mei eigenbakte bôle, op in terraske mei útsjoch oer de Elbe. It houten Elb-kaffee ûnder oan de feilige foet fan de dyk wurdt 'befroud' troch mem en dochter. Ik nim noch stik taart mei foar ûnderweis. Bin net let by it hotel. Der wurdt ynearsten net reagearre op de bel, mar as ik opbelje seit in stim: Bennie...! Georg docht de doar iepen, klaaid yn in soarte fan steunûnderbroek. Hy is opereard oan syn rêch en rint muoisum. Ik ynstallearje my op de keamer en yt de de bôle, dy't ik meinaam fan it Künstlerhof.

De oare deis wurkje ik earst oan myn boek, dêrnei op 'e fyts der op út. Dit is *Grenzland*. Hjir wie hast tritich jier lang it Izeren Gordyn. Om dêrfoar plak te meitsjen waarden hiele doarpen *ausradiert*, de bewenners deportearre. De operaasje krige de namme: *Aktion Ungeziefer*. Ien fan dy fuortpoetste plakken wie Stresow, dat no in monumint is, dêr't yn it ramt fan de *Vergangenheitsbewältigung* projekten mei skoallen en studinten oan hingje.

Ik meitsje foto's fan boerden en betinkingsstienen en fyts troch nei it *Grenzlandmuseum* yn Schnackenburg oan de Elbe, dêr't achter in hege baly in lytse, âlde man sit, yn DDR-Grinswachters-outfit. Alderwetske museumopset, oangripende ferhalen. Werom nei it hotel, skoft skriuwe, in tukje. Oan it ein fan 'e middei nei Wahrenberg, om wat te iten by it Elb-Kaffee.



Underweis op de fyts betink ik prachtige ferhalen foar it boek en reitsje dêrtroch fan de rûte. Omride oer troch lânbouferkear stikken riden be-tondykjies. Nei it *Elb-Kaffee*, dêr't mem en dochter al skjinmeitsje en ôfslute wolle. Ik drink in Apfelschorle en dochter pakt foar my noch in stik quiche yn om mei te nimmen.

Op myn fraach of ik hjir earne noch wat ite kin folget in grappige konversaasje: '*Nein, hier ist Nichts.*' / '*Ausgestorben?*' / '*Ausgestorben!*' / '*Und du lebst hier?*' / (Laitsjend): '*ja ich lebe hier...*' Kin noch nei de wc, stap op 'e fyts, fiif minuten letter werom foar in achterlitten sinnebril. De betochte ferhalen bin ik al wer kwyt. Werom nei it hotel.

Dêr't my beide dagen in rejaal *Frühstück* foarset wurdt. De earste kear yn it selskip fan in motorrider en in heit dy't mei syn soantsje yn in etappes de Elbe-Radweg fytst. We reitsje yn petear oer it ûngenoegen yn de eardere DDR en de opkomst fan AfD, ik fertel oer de teloar-gong fan Havelberg. Mar by de 'Bayerische' heit is gjin meilijen: 'elk kin wat fan syn libben meitsje. Hy hat it as ûndernimmer ek allegear sels dwaan moatten...'

Mei Georg praat ik by it ôfreakkenjen oer syn broers, dy't noch jinsen by de Nederlânse grins wenje, dêr't er sels ek opgroeide. Se binne âld en komme hjir net mear, froeger wol. Hysels kin sa 'n lange autoreis ek net mear oan mei syn minne rêch. Dan set er myn Dútse cd, dy't ik twa jier lyn achterliet, yn de cd-spiler en prate we der even oer. Oant sjen...

It wurdt no alle dagen hiter en soms kies ik bewust foar in fytspaad nêst in dyk mei autoferkear, dy't troch de bosken rint. Fierder: in soad ynsmarre, pet mei klep op, boesgroen mei lange mouwen en in tinne lange broek. En drinke, in soad wetter drinke. Uteinlik ferlit ik de Elbe.

Lüneburg

Werom by Dagmar Pankow.

By oankomst yn it âlde sintrum in terras. En *Apfelschorle*. Letter noch in terras. Kofje. En skriuwe. Wat 'k de hiele dei al doch, ek ûnderweis, op elk skaadplak

dat 'k mar tsjinkom. Oer it boek. Oan it boek. Om healwei fiven nei it adres, se is net thús, dûkt fiif minuten letter op, hertlike begroeting en daliks praat. Yn in mail hie se Berlyn neamd as plak dêr't se graach hinne wol, *ein neues Zuhause...* No sjocht se in kâns: bei *Die komische Oper*, as 'kostumjêre', har fak. Oare opmerking yn de mail: *Ich will zu Hause sein in mir selbst...* Se freget of ik mei-ite wol: se makket in salade. *Gerne...*

Se fertelt oer har bern, dy't útflein binne, oer har mem, dy't stoarn is, oer har heit dy't demintearjend is en ynwennet by har suster, dy't dêrtroch mantelsoarger is. Har âlden binne as bern hjir bedarre, *Heimatvertriebenen* út Pommeren. We prate oer de trauma's en it 'swijen'. Fan de paken en beppen, fan de âlden.

Jûns noch in kuier en *Heisse Sjokolade* op in terras. Yn in frijwol ferlitten winkelstrjitte twa strjitmuzikanten. De oare deis - alle sneinen binne keapsneinen yn sokke populêre stêdden - stiet ien fan harren der wer: fierdraagjende stim, beskil-dere gitaar, '*Heute hier, morgen dort...*'. (klik & harkje) Ik jou him 2 euro.

De nije dei begjint mei in besteklik muesli-*Frühstück*, dat Dagmar ek foar harsels makket. Nije petearen, diels de selde ûnderwerpen. Ik fertel har oer boeken dy't ik lêzen ha. *Der alte König in seinem Exil*, oer in demintearjende heit. *Sommerhaus am See*. Yn in mail fertelt se letter dat se dêr west hat, se wie nei Berlyn en Spandau reizge. Sykjend om in nij thúsplak. *Der alte König...* hie se oan har suster jûn en dêrnei sels lêzen. *Weinen, lachen. Und wieder weinen...*


Se lit my har naai-atelier sjen, dêr't se wurket oan in fersyk fan har dochter, dy't yn Londen wennet. It is in giel jaske, Freddy Mercury-look. It foarlopige resultaat hinget oer in paspop. Foar it rût stiet in profesjonele naaimasine.

Meine Unterwäsche kinne mei yn 'e waskmasjine. Gastfrij en gjin ein.

Ek yn Lüneburg in dei ekstra om te skriuwen. Reis en roman begjinne yn inoar oer te rinnen. De haadpersoan bedarret yn Berlyn. Mar dêr is net folle ta nedich. Elk bedarret yn Berlyn, *modern-life-business as usual*. Mar ik soe him ek weromfytse litte kinne, lykas ik no sels doch. Nei hûs fytse. En tagelyk neitinke oer: wêr is myn hûs, wêr is myn thús.

No, yn it simmer-hite Lüneburg, meitsje ik dêr de earste oantekeningen oer. Ik soe eins wol trochwurkje wolle en dat soe kinne yn myn folgjende stasjon, Bremen. De twa deireizen op 'e fyts, dy't der tusken sitte sla ik oer. Ik fyts nei it stasjon en besjoch de treintiden. En keapje alfêst in kaartsje by de automaat.

(Wurdt fuortset...)



Po@dium is in Persoanlik Digitaal Magazine - dit is de 5e ôflevering fan 2018

It wurdt tastjoerd, mar is ek op myn website te lêzen: www.benniehuisman.nl

Alle eardere nûmers binne dêr te finen: Po@diumarchief